



DE FRYSKE MARREN

**Frysk as it heal kin....**

Taalbelied yn De Fryske Marren 2016

# Ynhâldsopjefte

1. Ynliding en oanliding	2
2. Wat is ús fisy, hoe sjogge wy it plak fan it Frysk yn ús mienskip yn 2030?	3
3. Wetlike kaders en de rânebetingsten	
3.1 Europeesk Hânfêst	4
3.2 Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018	4
3.3 Bestjoersakkoart mei de Provinsje	4
3.4 Wet Gebrûk Fryske Taal	4
3.5 Harmonisaasje fan belied	5
3.6 Finânsjes en personele ynset	5
4. It gebrûk fan it Frysk yn it deistich libben yn De Fryske Marren en yn de gemeentlike organisaasje	
4.1 De Fryske Marren	6
4.2 Enkête ûnder meiwurkers	6
5. Frysk yn de gemeentlike organisaasje, gemeentlike foarsjennings en de iepenbiere romte	
5.1 Organisaasje	8
5.2 Sichtber meitsje	9
6. Frysk yn de mienskip	
6.1 Meartaligens yn it ûnderwiis, de pjutteboartersplakken en berne-opfang	12
6.2 (Nije) ynwenners en folwoeksenenûnderwiis	14
6.3 Bibleteek	14
6.4 Keunst en Kultuer	16
6.5 Soarch en wolwêzen	17
6.6 Rol fan de gemeente	17
7. Subsydzjes foar aktiviteiten	19
8. Planning en rapportaazjes	19
Taheakke	20

# 1. Ynlieding en oanlieding

Yn it kolleezjeprogram is it opstellen fan in notysje Frysk Taalbelied fêstlein.

De Fryske taal is yn de Fryske kultuer in tige wichtich, faaks it meast wichtige elemint. Wy fine it belangryk dat it Frysk ek op 'e lange doar noch in libbene taal is dy't troch ús ynwenners sprutsen wurdt en troch ús as oerheid yn ús kommunikaasje brûkt wurdt.

De nije Wet Gebrûk Fryske Taal skriuwt foar dat Fryske gemeenten in taalbelied fêststelle. Dizze nije wet is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Yn de wet is de offisjele status fan it Frysk as twadde rykstaal fêstlein en wurdt oanjûn dat ynwenners fan Fryslân har taal yn it offisjele ferkear mei de oerheden en yn it rjochtsferkear yn ús provinsje brûke kinne.

By it gearstallen fan dizze notysje binne in tal eksterne organisaasjes belutsen, dy 't útfiering jouwe oan Frysk taalbelied, lyk as it ûnderwiis, de pjutteboartersplakken, de berne-opfang, de bibleteek, de soarch en oare ynstellings. Yn in wurkgearkomste hawwe dizze organisaasjes middels in diskusje oer stellingen har fisy kenber meitsje kinnen. De opbringst fan dizze gearkomste is yn dit konsept ferwurke. Kearn fan it boadskip dat de organisaasjes mejûn hawwe, is: Gemeenterie, meitsje in kar en jou prioriteit oan it jonge bern. Fersnipperje de krappe middels net oer tefolle saken.

In ynterne wurkgroep hat ynput jûn oan it haadstik oer hoe 't wy as gemeente omgean mei it Frysk. Wy hawwe in enkête ûnder ús meiwurkers hâlden om te hifkjen hoe't it mei it brûken fan it Frysk steld is. De wurkgroep hat de konsept-nota besprutsen foar't dizze oan ús kolleezje foarlein is.

Yn it ramt fan it Bestjoersakkoart mei de Provinsje is fêstlein watfoar ûnderwerpen yn de notysje oan bar komme moatte. De ûnderwerpen binne yn de ferskate haadstikken werom te finen, wêrby't de hjoeddeiske sitewaasje yn kaart brocht is, mar ek oare mooglikheden beskreaun binne. De Provinsje hat yn it foartrajekt har opmerkings op in earste konseptfersy oan ús witte litten. Wy hawwe dat kommentaar sa folle as mooglik yn dizze nota ferwurke.

## Kieze

Oan de ein fan elk haadstik binne oanbefellings formulearre. Derby is oanjûn hokker kar de Rie meitsje kin en wat, foar safier mooglik, de finansjele konsekwinssjes binne.

De mooglike karfarianten binne:

- "Basis". Dit binne aktiviteiten dy't wetlik fêstlein binne, of wêr't langjierrige ôfspraken oer makke binne. Foar dizze oanbefellings is budzjet yn de begrutting beskikber. Gjin of hiel beheinde karmooglikheid.
- "Plus". Dit binne aktiviteiten werfoar op ynhâldlike grûnen in kar makke wurde kin en werfoar yn besteande begruttingsposten budzjet beskikber is.
- "Plus/Plus". Dit binne ynhâldlik sjoen fierdergeande mooglikheden dêr 't gjin jild foar beskikber is. Wer mooglik is in rûge skatting makke fan de kosten. Kiest de Rie foar dizze opsjes, dan sil de Rie derfoar finansjele romte jaan moatte.

In útruil tusken 'plus' en 'plus/plus' is inkel mooglik binnen de fêststelde begrutting of troch in begruttingswiziging. Wy kieze foar de plusfariant, werby't de plusfariant boppe de basisfariant giet.

We ha it konsept fan dizze beliedsnotysje fêststeld op d.d. 17 febrewaris 2015, wernei ynwenners en organisaasjes yn de gelegenheid west ha in reaksje te jaan.

De reaksjes binne yn in reaksjenota oan ús foarlein en foar safier nedich yn de notysje ferwurke. Nei in beheinde aktualisearing<sup>1</sup> wurdt de nota no oan de gemeenterie foarlein.

---

<sup>1</sup> De gegevens fan de Fryske taalatlas 2015 binne opnaam en wer't aktiviteiten al plakfûn ha is dit oanjûn.

## 2. Wat is ús fisy, hoe sjogge wy it plak fan it Frysk yn ús mienskip ek op lange termyn?

De Fryske Marren is in oantreklike gemeente mei in grut ferskaat oan romtlike, ekonomyske, kulturele- en sosjaal-maatskiplike kwaliteiten. Ús stêd en doarpen binne leefbere mienskippen wêr't ferienings har oppenearje yn de sport, de muzyk, toaniel en oare saken. Taal is derby it wichtichste kommunikaasjemiddel. Sûnder taal gjin kommunikaasje en gjin kultuer. De Fryske taal is, om't in grut part fan ús ynwenners Frysk praat, in belangryk skaaimerke fan De Fryske Marren.

Wy wolle ús ferienings, ynwenners en doarpen<sup>2</sup> oantrune om sels mei inisjativen en projekten te kommen dy't it brûken fan it Frysk stimuleare. Net de gemeente moat dêr it foartou yn nimme, de inisjativen moatte foaral fan ûnderop komme. Dat is ek yn oerienstimming mei hoe't wy as gemeente omgean wolle mei ús doarpen en ús ynwenners. De gemeente as gearwurkingspartner en net as 'regeljende' oerheid.

---

<sup>2</sup> De stêd Sleat wurdt yn dizze notysje ek ta de doarpen rekkene.

### **3 Wetlike kaders en de rânebetingsten**

Foar Frysk taalbelied binne de folgjende wetlike kaders fan tapassing.

#### **3.1 Europeesk Hânfêst.**

It taalbelied hat grûn yn it Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen en Talen fan Minderheden. Dit hânfêst is troch ús regear ûnderskreaun en op 1 maart 1998 yngongen. Benammen yn kêst 7 steane de doelstellings fan it Hânfêst, sa as: it oantrúnen fan it gebrûk fan de taal yn it deistich en bestjoerlik ferkear, it ferskaffen fan mooglikheden oan ynwenners de taal te learen en it beskermjen fan de taal yn sitewaasjes wêryn dat nedich is. Der binne yn it Hânfêst 7 domeinen oanwiisd wêr 't wy oandacht oan jaan moatte: bestjoer, ûnderwiis, kultuer, media, bedriuwslibben, sosjaal-kultureel wurk en sûnenssoarch. Der stiet in grut part maatregels yn oangeande it ûnderwiis. Dêrta hawwe it Ministearje fan ûnderwiis en de Provinsje it foech. Wy komme hjir letter op werom.

#### **3.2 Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018**

Op 22 april 2013 hat de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes tegearre mei deputearre fan de provinsje Fryslân, de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) tekene.

Yn 'e bestjoersôfspraak steane foar de kommende fiif jier ôfspraken dy't de Fryske taal en kultuer befoarderje op it mêd fan ûnderwiis, media en kultuer. De BFTK is in útwurking fan ferdrachsferplichtings foar de Fryske taal en kultuer oer: it Europeesk hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach beskerming fan nasjonale minderheden. It wurdt om de safolle tiid opsteld en leit de mienskiplike ferantwurdlikens fan Ryk en Provinsje foar de Fryske taal en kultuer fêst. De BFTK soarget tegearre mei de Wet Gebrûk Fryske Taal foar in stevige ferankering fan de Fryske taal en kultuer yn de kommende jierren. Dat bringt ek ferplichtings foar de gemeente mei.

#### **3.3 Bestjoersakkoart mei de Provinsje.**

Foar de weryndieling fan Gaasterlân-Sleat, Lemsterland en Skarsterlân is mei de Provinsje in bestjoersoerienkomst sletten. Ek de gemeenten Ljouwert, it Hearrenfean, Súdwest- Fryslân en Boarnsterhim wienen by dit akkoart belutsen.

Yn it bestjoersakkoart hawwe de gemeenten útsprutsen dat de (nije) gemeente de Fryske kultuer en identiteit, wer 't de Fryske taal drager fan is, koesterje wol en dat de gemeente in ambisjeus taalbelied fiere wol, sadanich dat op dat mêd ús ynwenners der net op efterút gean. Provinsje en Gemeenten kinne proefprojekten opstelle, dy 't de posysje fan it Frysk ferbetterje. Oare gemeenten kinne fan dizze proefprojekten profitearje en sa kin ek ús gemeente fan oare gemeenten profitearje. In 2016 hifke Provinsje en gemeenten de resultaten fan dizze ôfspraken. Yn it ramt fan de nota "Grinzen Oer" kin de provinsje de nije gemeente finansjeel en troch amtlike ynset en advys temjitte komme en dêrmei bijdrage oan de realisearje fan de ambysjes.

#### **3.4 Wet Gebrûk Fryske Taal**

Wat foarhinne yn de "Algemene Wet Bestuursrecht" fêstlein wie, stiet no yn de nije wet Gebrûk Fryske Taal. De nije wet is lykwols rommer kwa berik en regelt it rjocht fan ynwenners fan de provinsje Fryslân oangeande it brûken fan it Frysk yn har kontakten mei de oerheid en rjochtspraak. Fierder is ek it ynstellen en de opdracht fan it Orgaan foar de Fryske Taal yn de wet fêstlein. Dit Orgaan hat benammen taken op it mêd fan it advisearen en rapportearjen oangeande it beskermjen en fersterkjen fan it Frysk.

De nije wet skerpet de regels oan foar it gebrûk fan it Frysk troch de desintrale oerheden, de gemeenten yn Fryslân. Gemeenten hawwe de opdracht in beliedsstik foar it Frysk op te stellen en regels foar it brûken fan it Frysk yn it offisjele skriftlike en mûnlige ferkear. Dit Orgaan sjocht der op ta dat gemeenten oan dizze ferplichtings foldogge en rapportearret oan it Ministearje fan "Ynlânske Saken" en de Raad van Europa.

### **3.5 Harmonisaasje fan belied**

Nei in fúzje fan gemeenten moat it belied op ferskate mêden fan belied lyklutsen wurde. Dat jildt ek foar it Frysk Taalbelied. Op grûn fan it saneamde menusysteem binne de ferskillen tusken de fjouwer gemeenten yn 2012 oan de rieden foarlein. Doe waard konstataarre dat der mar in bytsje ferskil wie. Wêr't dat oan de oarder wie, is oan de ferskillen yn dizze notysje oandacht jûn. Mei it fêststellen fan dizze nota troch de gemeente rie is it Frysk taalbelied foar De Fryske Marren harmonisearre.

### **3.6 Finânsjes en personele kapasiteit**

Hoewol it befoarderjen fan de Fryske taal in wetlike ferankering hat, hat de rie yn it ramt fan de 'zero-base' diskusje lykwols besluten op it budzjet foar Fryske taal en kultuer te koartsjen. De middels binne werom brocht fan rûchwei € 15.000,- nei € 5.100,- (€ 0,10 de ynwenner). Dit hâldt yn, dat er minder budzjet is foar subysdzjes. De organisaasjes dy't dêrtroch rekke binne, binne dêrfan op 'e hichte brocht. Wêr mooglik sille wy gebrûk meitsje fan oare boarnen lykas de Gebietsaginda en Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 om dochs projekten út te fieren. Ek de provinsje hat yn it ramt fan Grinzen oer, middels om projekten yn gemeenten te stypjen.

Kwa ynset fan personiel is der krapoan 0,1 fte beskikber. Dat is genôch foar it 'behear' fan it taalbelied, mar net foar it ûntwikkeljen fan projekten en inisjativen. Dy sille foaral út de ferienings en de doarpen komme moatte. Der sil lykwols wol ynset frege wurde foar koördinaasje fan út de gemeente.

## 4. It gebrûk fan it Frysk yn it deistich libben yn De Fryske Marren en yn de gemeentlike organisaasje.

### 4.1 De Fryske Marren


As we sjogge hoe't it mei it Frysk yn ús Provinsje en yn De Fryske Marren stiet<sup>3</sup>, dan blykt dat 85 % fan alle ynwenners fan Fryslân it Frysk ferstiet, yn De Fryske Marren is dat mear as 90 %. Yn de provinsje praat 64% fan de ynwenners Frysk, yn De Fryske Marren is dat mear as 70 %. Ek wat Frysk lêze betrefte leit it gemiddelde yn De Fryske Marren wat heger as it provinsjale gemiddelde. Frysk skriuwe kin amper 12% fan de Friezen en dat is yn De Fryske Marren net folle oars. Frysk lêze en skriuwe kin de âlderein (65-+) better as de jongere leeftidsgroepen.

#### De Fryske taalatlas 2011, 2015

	Gaasterlân-Sl	Lemsterland	Skarsterlân	Boarnsterhim	DFM 2015	Frl em. 2011	Frl gem. 2015
Frysk ferstean	90 - 100 %	80 - 90 %	90-100 %	90-100 %	80-90 %	84,6%	85,1%
Frysk prate	70-80	60-70	80-90	70-80	70-80	64%	66,6
Frysk lêze	50-60	40-50	50-60	60-70	50-60	48,6%	51,8
Frysk skriuwe	10 t 20	0 - 10	10 t 20	20-30	10 t 20	12,1%	14,5
Frysk memmetaal	70 - 80	50 - 60	60 - 70	60-70	60-70	53,6%	55,3

### 4.2 Enkête ûnder meiwurkers De Fryske Marren

Yn 2014 is in enkête hâlden ûnder de meiwurkers fan de gemeente. De respons op de enkête wie goed, sa'n 42 % hat dizze ynfuld. Út de enkête docht bliken dat fan de respondinten 94 % it Frysk ferstiet en 69 % praat de taal ek. Frysk lêze giet 47% goed ôf, it skriuwen behearsket 32 % (reedlik, goed, treflik). Der is by 36 % fan de meiwurkers dy't de enkête ynfuld hawwe, reewilligens om frijwillich it skriuwen (better) te learen. Yn de deistige omgong praat men faak Frysk. It Frysk libbet dus yn ús organisaasje. De resultaten jouwe oanlieding ta neiere stúdzje by de útwurking fan it belied yn konkrete útstellen. Foar de oare fragen út de enkête, sjoch taheakke: 1



*Frysk yn de organisaasje fan De Fryske Marren: enkête oer hoe de meiwurkers omgean mei it Frysk, juny 2014. N = 216, respons 42%*

<sup>3</sup> Fryske taalatlas 2011 en 2015

Ek de belangstelling foar it folgjen fan in kursus Frysk is yn de enkête hifke.

<b>Tabel: 2 Belangstelling foar in kursus Frysk</b>				
Ôfdieling	graach	miskien	gjin	
Bedriuwsfiering	14	17	29	
Publykssaken	3	13	13	
Romtlike ûntjouwing	4	17	5	
Romtlik behear	11	15	20	
Mienskip	8	10	13	
Staf/direksje/griffy	1	0	4	
FFH	4	10	5	
	45	82	89	216

In behoeftepeiling ûnder de meiwurkers hat ta risseltaat hân, dat 66 meiwurkers har opjûn ha foar in Opfryskkursus, Praat mar Frysk of Skriuw mar Frysk. Dizze kursussen ha yn 2016 plakfûn. De dielnimmers wiene entûsjast. Fan Skriuw mar Frysk sil ek module 2 noch oanbean wurde, ôf te sluten mei in eksamen. Sawol Provinsje as Gemeente wol har ynsette foar de Fryske taal, sadat it ek yn de fierdere takomst noch jimmer praat en ferstien wurdt. Dat is net allinnich ús opdracht fan út it wetlik ramt, mar ek fan út ús hert: it Frysk is en bliuwt de taal wêryn it grutste part fan ús ynwenners har utert. Dêrby jildt foaral jong leard, âld dien. Foar ús kommunikaasje nei de ynwenners jildt:

*Al wa't wend is Frysk te sprekken, hoecht him hjir net te ferbrekken.*



## 5. Frysk yn de gemeentlike organisaasje, gemeentlike foarsjennings en de iepenbiere romte

### 5.1 Organisaasje

Yn de gemeentlike organisaasje hawwe it Frysk en it Nederlânsk in lykwaardige posysje. Yn de mûnlinge kommunikaasje funksjonearje beide talen sûnder swierrichheden njonken inoar. De realiteit bliuwt lykwols dat it Nederlânsk as earste rykstaal in dominante posysje ynnimt oangeande it Frysk as minderheidstaal. Op dit stuit ferrint de skriftlike kommunikaasje sawat alhiel yn it Nederlânsk.

Foar kommunikaasje mei ynwenners en organisaasjes jildt in ‘folgjend’ taalbelied. De gemeente fynt it belangryk om boargers op in persoanlike wize fan tsjinst te wêzen. Hjirby is it fan belang dat ynwenners harren frij fiele de meiwurkers yn har memmetaal, Nederlânsk of Frysk, oan te sprekken. Leafst moatte se yn dy selde taal te wurd stien wurde. Wy fine it wichtich dat er in positive hâlding tsjinoer it Frysk kreëarre wurdt. De risseltaten fan de enkête binne hjirby bemoedigjend.

It Klante Kontakt Sintrum (KCC) nimt de tillefoan steefêst yn it Nederlânsk op. Dat is yn it begjin fan de fúzje sa ôfpraat. As de klant lykwols Frysk praat, dan kin de meiwurker yn it Frysk antwurd jaan. It kin ek oarsom: as de KCC-meiwurker de romte krijt om yn it Frysk de tillefoan op te nimmen sil it petear yn it Frysk plak fine, útsein dan wannear de klant oanjout gjin Frysk te ferstean. Dan wurdt fanselssprekkend oerskeakele nei it Nederlânsk.

Griffy en organisaasje ûntfange jierliks 5 oant 10 offisjele brieven dy't yn it Frysk skreaun binne: allinnich ynstânsjes lykas de Provinsje, inkele Fryske gemeenten, de Afûk, in inkele kulturele ynstelling en sa no en dan in ynwenner stjoere ús in brief of e-mail yn it Frysk.

Oant no ta stjoere we gauris in brief of e-mail yn it Nederlânsk werom<sup>4</sup>. Dat kin oars. Der binne yn ús organisaasje frijwat amtners<sup>5</sup> dy 't wol Frysk skriuwe kinne, der moat fan profitearre wurde. It beskikber stellen fan de staveringshifker kin der behelpsum by wêze.

By it (sluten)(foltrekken) fan in houlik of in partnerregistraasje is it oan it pear om in kar te meitsjen yn hokker taal dat plak fynt. De Bysûndere Ambtners Boargerlike Stân hawwe de akte sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk beskikber en taspraken kinne yn beide talen hâlden wurde. Dêr binne foarbylden foar beskikber.

Beliedsstikken en notysjes oan it kolleezje wurde standert yn it Nederlânsk skreaun. Ek de parseberjochten geane yn it Nederlânsk nei bûten. Yn Skarsterlân wie it fêstlein dat beliedsnota's en notysjes foar it kolleezje yn it Frysk skreaun wurde mochten. Der wie lykwols gjin prestaasje-ôfspraak oer makke. Yn De Fryske Marren bliuwt it mooglik om beliedsstikken yn it Frysk oan te leverjen.

Ús webside is alhiel Nederlânsktalich. Dat is dien út it eachpunt fan tsjinstferliening. Elke ynwenner kin dan de ynformaasje ta him nimme. Ynformaasje oer de Fryske Kultuer, it brûken fan it Frysk en Frysk taalbelied yn syn algemienens moat lykwols in sichtber plak krije op ús (gemeentlike) webside. Mei “banners” en oare “pop-ups” kin it Frysk nei foaren brocht wurde. It pompebledsje, it “tútsje fan Doutzen” kinne dêr foar brûkt wurde.



Yn de gemeenterie (en yn kommisjegearkomsten) wurdt sawol Frysk as Nederlânsk praat. De ferslaggen fine plak troch beslutelistkes. De gearkomsten wurde ‘live’ útstjoerd en opnommen, wêrtroch elke ynteressearre ynwenner der kennis fan nimme kin.

---

<sup>4</sup> Ôfspraak yn Skarsterlân wie, dat Frysktalige brieven fan Provinsje en oare Fryske gemeenten yn it Frysk beäntwurde waarden (2003).

<sup>5</sup> 69 fan de meiwurkers dy de enkête ynfuld ha, jouwe oan dat se “redelijk, goed of uitstekend” Frysk skriuwe kinne.

## 5.2 Sichtber meitsje

No't de gemeenterie besluten hat dat ús gemeente fanôf july 2015 de namme **De Fryske Marren** hawwe sil, sil dat ek sichtber makke wurde.

### Plaknammebuorden

De Fryske gemeentenamme komt op de plaknammebuorden. Tagelyk sil dan ek in kar makke wurde moatte oer hoe 't de plaknammebuorden ynrjochte wurde. Dêrby binne der 6 mooglikheden:

1. allinnich Fryske plaknammen (lykas Boarnsterhim; Terherne)
2. de Fryske namme boppe en de Nederlânske namme ûnder (lykas Gaasterlân-Sleat)
3. de Nederlânske namme boppe en de Fryske ûnder (lykas Skarsterlân)
4. allinnich de Nederlânske namme (lykas Lemsterlân).
5. Trochgean lykas it no is, mei allinnich de nije namme fan de gemeente ûnder de plaknamme.
6. Doarpen sels ien kear de kar jaan oan te jaan hoe't se it ha wolle.

Soenen wy rjocht dwaan oan it útgongspunt dat by in gemeentlike fúzje de posysje fan it Frysk der net op efterút gean mei, dan soe dat betsjutte kinne dat we kieze foar it model Boarnsterhim. Dat sil ynhâlde dat er dan ek in offisjele plaknammewizing foar alle wenplakken oanfrege wurde moat. Soks hat hiel wat fuotten yn de ierde. Boppedat sil dat droegen wurde moatte troch ús ynwenners.

Mear rjocht oan de taalsituaasje yn ús gemeente dogge fariant 2 of 3, wêrby fariant 2 mear past by de Fryske namme fan ús gemeente. Fariant 3 past mear by it feit dat de plaknammen offisjeel Nederlânsk binne. Terherne hat in offisjele Fryske namme en dat bliuwt sa. Der komt dan ek gjin Nederlânske oersetting fan.

Foar fariant 5 kieze betsjut dat we kieze foar hanthavenjen fan it besteande: inkeld de namme fan de gemeente feroaret, de plaknamme bliuwt sa 't is. Dit jout nei alle gedachten de minste opskuor by de ynwenners en hat as foardiel dat it Frysk (en ús ynwenners) der net op efterút giet. Hjir is dan fan de fanút effisjinsje nei te stribjen gelikensens gjin sprake. By fariant 6 jouwe wy romte oan ús ynwenners om sels foar iens en altyd oan te jaan hoe't se it ha wolle. Dizze fariant kostet in protte, om't er yn alle doarpen offisjeel rieplachte wurde moat, mei in mooglike offisjele plaknammewizing fan gefolgen. It yn ien kear ferfangen fan alle kombuorden kostet rûchwei € 60.000,-

### Oar gebrûk fan it Frysk

Yn útwreidingsplannen fan ús doarpen wurde foar nije strjitten Frysktalige nammen keazen, útsein wêr't it op histoaryske grûnen net past. Is der yn it ferline yn in útbreidingsplan al keazen foar Nederlânsktalige strjitnammen, dan wurdt dat sa trochsetten. Provinsjale Steaten hawwe yn 2006 Frysktalige nammen fêststeld foar de marren, fearten en oare wetters yn Fryslân.

Moai foarbyld fan Frysk yn ús gebouwen, is de oanklaaiing fan Woudstate<sup>6</sup>, mei de tafels (Fryske Marren), de teksten op de muorren, de nammenjouwing fan de sprekkeamers. Dy ynstek is ek op Herema State ynset, mei de nammejouwing fan de gearkomsteromten.

Bestjoerders en meiwurkers dy 't de gemeente fertsjintwurdigje en de gemeente foar it fuotljocht bringe jouwe in Frysk tintsje oan it aardichheidsje dat fuortjûn wurdt.

### Oanbefellings 5.1: Organisaasje

#### Basis:

1. Fan al ús (fêste) meiwurkers mei ferwachte wurde dat sy it Frysk ferstean. By fakatueres wurdt dêrom by de "werving en seleksje" oanjûn, dat it ferstean fan it Frysk needsaaklik is. Wa't dat net kin moat ree wêze dat sa gau as mooglik te learen.
2. De staveringshifker wurdt beskikber steld op alle wurkplakken.
3. Om it brûken fan it Frysk yn de organisaasje te befoarderjen kinne meiwurkers yn wurktyd en op kosten fan de wurkjouwer op basis fan frijwilligens kursussen folgje om (better) Frysk prate, lêze en skriuwe te kinnen. De kosten wurde betelle út reguliere opliedingsbudzjetten.<sup>7</sup>

<sup>6</sup> Woudstate is it kantoargebou fan De Fryske Marren op yndustryterrein Woudfennen

4. It buordsje “Praat mar Frysk” krijt by de Resepsje in opfallend plak, sadat it foar besikers dúdlik is dat sy Frysk prate kinne. Dit jildt ek foar de servicepunten op De Lemmer en yn Balk.
5. Houliken kinne sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk sletten wurde. De Bysûndere Amtners fan de Boargerlike Stân binne dêr op tarêd, de akten kinne yn beide talen beskikber steld wurde.

**Plus:**

6. Wy fiere folgjend taalbelied. Om brieven en e-mails dy’t yn it Frysk steld binne, beäntwurdzje te kinnen, wurde op de ôfdielings de meiwurkers dy’t it Frysk goed behearskje, yn kaart brocht. As hja dat wolle, kinne se “ambassadeur” foar it Frysk wurde en de kollega’s behelpsum wêze by it skriuwen fan in Frysktalige brief, wêr’t dat frege wurdt. Se krije der fasiliteiten foar.
7. Beliedsnota’s en kolleezje-advizen kinne yn it Frysk opsteld wurde.
8. Op ús webside komt ûnder de knop **bestjoer en organisaasje** in haadstik oer it brûken fan it Frysk. De gemeentlike organisaasje draacht soarch dat hja by sosjale media it Frysk brûke wêr it kin.<sup>8</sup>
9. De ynstruksje oan de KCC- meiwurkers wurdt sadanich ferromme, dat de meiwurkers ek yn it Frysk de telefoan opnimme kinne. Dêrnei is, binnen de mooglikheden fan de KCC-meiwurker, de taal fan de klant liedend.<sup>9</sup>
10. Yn parsekontakten wurdt, as it heal kin, it Frysk brûkt.<sup>10</sup>

**Plus/Plus**

11. Wurdt op ynspraakjûnen of oare publyksbyienkomsten Frysk praat, dan wurdt dat ek yn it Frysk fêstlein.
12. Ús webside kriget in folslein twatalich karakter, lykas Littenseradiel. Kosten struktureel rûchwei € 15.000,- ekskl. BTW
13. Parseberjochten wurde twatalich nei bûten brocht.

**Wy kieze foar de plusfariant, dus ynklusyf de basisfariant, omdat dizze realisearber binne yn ús organisaasje. De plus/plus fariant giet ús, mei om de kostenaspekten, te fier.**

**Oanbefellings 5.2 Sichtber meitsje**

**Basis**

1. Kieze foar plaknammebuorden wêr’t allinnich de gemeentenamme feroare wurdt.

**Plus**

2. Wy kieze foar twatalige plaknamme buorden, wêrby de Fryske namme boppe de Nederlânske namme stiet. De beide nammen binne gelikens fan grutte. Terherne bliuwt Terherne. Dit wurdt útfierd as de buorden ferfongen wurde moatte.<sup>11</sup>
3. Nije strjitten, oare geografyske úteringen en gemeentelike gebouwen krije in Fryske namme, útsein dêr’t it op grûn fan in beslút út it ferline net past. Is ien kear de kar makke yn in útwreidingsgebiet of in bedriuwsterrein, dan wurdt dy kar oanhâlden.
4. Represintaasje krijt in Frysk tintsje.
5. Yn de gemeente wurde 100% fan alle reklame/boubuorden (yn eigendom fan de gemeente) yn it Frysk skreun, mei yn acht nimmen fan de feiligens.<sup>12</sup>
6. Yn de gemeente wurde alle Ynformaasjebuorden (yn eigendom fan de gemeente) dûbbeldtalich. Dit giet mei yn de reguliere ferfangingsyklus.<sup>13</sup>

---

<sup>7</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016. Punt 7 ûnder Plus is ferfallen.

<sup>8</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

<sup>9</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

<sup>10</sup> Oanfulling n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint op 23 novimber 2016

<sup>11</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 3 op 23 novimber 2016

<sup>12</sup> Oanfulling n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

<sup>13</sup> Oanfulling n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

**Plus/plus**

7. Bestearde Nederlânsktalige geografyske uteringen fan gemeentlik eigendom krije in Fryske namme. **Wy kieze foar de plusfariant. In keuze foar de plus/plusfariant docht gjin rjocht oan de plurifoarme gearstalling fan ús befolking.**

## 6. Frysk yn de mienskip

### 6.1 Meartaligens yn it ûnderwiis, it pjutteboartersplak en de berne-opfang

De âlders binne ferantwurdlik foar it grut bringen fan har bern. Sy bepale ek de taal wêryn dat plak fynt. Yn Fryslân praat minder dan de helte fan de âlders Frysk mei har bern (48 %), wylst wat mear as de helte Frysk as memmetaal hat (54%)<sup>14</sup>. De kar foar hokfoar taal yn 'e hûs praat wurdt, bepaalt mei it taalgebrûk yn 'e berne-opfang en it pjutteboartersplak. It is wichtich dat âlders har bewust binne fan de foardielen dy't meartaligens hat, net allinnich foar Frysktalige bern, mar ek foar Nederlânsktalige bern. De Jeugd Gezondheidszorg (it Konsultaasjeburo), hat it earste kontakt mei jonge âlders. It kin der, as adviseur op it mêd fan it opgroeien en de ûntwikkeling fan bern, in stimulearjende rol yn spylje. Provinsje en gemeenten drage hjiroan by troch oan jonge âlders " it taaltaske", it rêchsekje mei Fryske (foarlês-)boekjes oan te bieden.

De tiid op skoalle, fan pjutteboartersplak oant en mei it fuortset ûnderwiis, en it beropsûnderwiis rist de learling ta op in plak yn de maatskippij. Twa- of meartaligens is derby in pree, it draacht by oan de yntellektuele ûntwikkeling, it makket dat bern mear taalgefoel hawwe en it stimulearret de sosjale ûntwikkeling fan it bern.<sup>15</sup> It kolleezje wol derom meartalighied as beliedslyne hantearre.

#### a. Pjutte-opfang en Frysk

Yn de pjutteboartersplakken en de berne-opfang yn ús gemeente, wurdt it Frysk op ferskate wizen brûkt. By de Stichting Peuterspeelzalen Gaasterlân-Sleat wurdt taalbelied fierd. Mei de pjutten wurdt troch de fêste lieding Frysk of Nederlânsk praat. De juf dy't steefêst Frysk praat, lêst in Frysk ferhaaltsje foar, de bern leare Fryske sankjes, troch in feste metoade. De Nederlânske juf docht dat yn it Nederlânsk. Bern leare sa yn twa talen. De 7 pjutteboartersplakken fan de Stichting binne sertifisearre. Yn it eardere Lemsterland wurdt op in inkel pjutteboartersplak Frysk praat tsjin bern dy't Frysk prate. Der wurdt net sasear wurke mei fêste metoaden. Doomijn, de nije útfierder fan it pjuttewurk yn fh. Lemsterland, is wol ree om yn gearwurking mei it SFBO mear omtinken oan it Frysk yn de pjutteboartersplakken te jaan.

Yn fh. Skarsterlân wurdt op de pjutte- en berne-opfang fan SKIK al in protte omtinken oan it Frysk jûn. Dizze organisaasje fiert bewust meartaligens yn en wurdt derby stipe troch SFBO. Op 7 fan de 9 lokaasjes hat it sertifisearjen al west. Ek yn har personielsbelied hâldt SKIK rekken mei twataligens.

Gearwurkje mei de bibleteek jout de pjutte-opfang mooglikheden om op 'e hichte te bliuwen fan Frysktalige boekjes, dy't brûkt wurde kinne om foar te lêzen.

#### b. Underwiis

No't de measte bern yn de pjutte-opfang it Frysk oanrikt krije, is it goed dat dit op de basisskoalle in ferfolch krijt. Benammen om't meartaligens goed foar de taalûntwikkeling fan it bern is. Oer it generaal kin men sizze dat de skoalbestjoeren oan de (minimum) wetlike easken oangeande it Frysk foldogge. Útsein de trije skoallen der't in hiel bewuste kar makke is foar meartaligens, is der in grut ferskaat oan hoe't skoallen omgeane mei it Frysk. Gemeenten hawwe yn it ferline jild beskikber steld foar de ynfiering fan "Studio F" as taalmetoade Frysk yn it basisûnderwiis. De skoallen binne mei Studio F bekend.

De skoallen fan CBO Meilân hawwe taalbelied, en wurkje mei de Fryske Taalrotonde as lesmetoade. Alle skoallen jouwe minimaal 1 oere Frysk yn 'e wike oan alle groepen. Der is in netwurk fan taalkoördinatoren. By de skoallen fan Nije Gaast wurdt faaks 'folgjend' it Frysk brûkt: praat in bern fan hûs út Frysk, dan praat de juf fan groep ien en twa Frysk mei it bern. Yn de hegere groepen wurdt it Nederlânsk de standert taal. Yn elke groep wurdt Frysk jûn.

By de "Gearhing" skoallen wurdt oeral al Frysk jûn, it tal minuten yn 'e wike ferskilt per groep en net altyd wurdt dêrfoar in fêste metoade sa as 'Studio F' brûkt.

By Primus wurdt op alle skoallen oandacht oan it Frysk jûn. Faaks brûkt men der 'Studio F' as metoade. De 3 katolike skoallen fan de Bisschop Möllerstichting brûke foar it Frysk meastentiids 'Studio F' en oar Afûk-materiaal. Alle groepen krije Frysk. 't Klimmerblêd hat foar de beukergroepen in Fryske middei.

<sup>14</sup> De Fryske taalatlas, 2011

<sup>15</sup> Ûndersyk Fryske Akademy 2006

### **Meartalige skoallen**

De Lytse Mienskip (Haskerhoarne), De Stobbestjelp (Vegelinsoard), de Tarissing (Aldehaske) en It Twaspan (Terkaple) binne trijetalige skoallen. Foar trijetaligens is troch skoalle en âlders keazen, net allinnich om't de measte bern Frysk prate, mar ek om't út ûndersyk bliken dien hat, dat it goed is foar de resultaten fan **it Nederlânsk** en fan **it Frysk**. Ek **it Ingelsk** hat foardiel fan dy oanpak (Fryske Akademy 2006). It kolleezje wol om dy reden meartalighied yn it ûnderwiis stimuleare.

### **Nije lesmetoade**

Studio F hat koartlyn it opfolger krigen: Spoar 8. Foar iut fuortset ûnderwiis is der de lessesearje Searje 36. Beide metoades slute oan by de digitalisearing fan it ûnderwiis.

### **Gearwurking en stipe**

Gearwurking mei de bibleteek is foar de skoallen wichtich. Fia de skoalmediateken is in oantreklik oanbod fan foarlês, lê- en printeboeken beskikber.

Sûnt 1 augustus 2014 hat de Provinsje it foech de kearndoelen foar it Frysk yn it ûnderwiis fêst te stellen en skoallen parsjeel ûntheffing te jaan. Dit belied is noch yn ûntwikkeling. De ynspeksje hâldt it tafersjoch. De Provinsje is ek drok mei it stâl jaan fan de trochgeande "Learline Meartaligens". De provinsje wol der oer ek graach mei (it ûnderwiis yn) "De Fryske Marren" yn petear.

Basisskoallen dyt ferlet ha fan stipe oangeande it Frysk, kinne terjochte by it SFBO (groep 1 en 2) en it Taalsintrum Frysk fan Cedin.

### **Fuortset ûnderwiis**

Yn it fuortset ûnderwiis kinne learlingen kieze foar it Frysk as foarkarfak. Op de CSG Gaasterland wurdt der aktyf mei omgien:

Ut de skoallegids fan it CSG:

*Frysk*

*"Csg Gaasterland is in twatalige skoalle midden yn de Súdwesthoeke. De learlingen meie wat de taal oanbelanget harsels wêze en him of har yn de eigen taal úterje. Dit kin bûten de lessen as ek, dêr't it kin, yn de lessen. It Frysk is fiertaal, de ynstruksjetaal sil yn de measte gefallen it Nederlânsk wêze. It fak Fryske taal en kultuer wurdt yn alle learjierren oanbean. Yn de earste klasse fan de ûnderbou is it in ferplicht fak, yn de twadde klasse fan de ûnderbou kin it as karfak folge wurde, faaks is dat in groep fan 10 oant 15 learlingen. Dêrnei kin it fak yn de T-stream, fan klasse 3 ôf, as eksamenfak keazen wurde. In lyts groepke docht eksamen. Fan de earste klasse oant en mei de eksamenklassen wurdt der mei de metoade 'Freemwurk' in trochgeande learline ta stân brocht."*

*Op it Bornego Joure krije de earsteklassers in heal jier ien oere yn 'e wike Frysk. Fierder is der oandacht foar Fryske taal en kultuer yn de projektwike mei aktiviteiten lykas Fryske sporten en in besite oan it Museum Joure. De oare skoallen foar it fuortset ûnderwiis (OSG Sevenwolden, Zuyderzee College) fiere gjin taalbelied, de animo foar it Frysk is der (te) leech.*

Yn 2014 wienen der yn Nederlân 83 learlingen dy't eksamen Frysk dien hawwe, yn 2015 wiene dat 85.

### **Projekt Yntegraal gemeentelik ûnderwiisbelied**

Yn it ramt fan it bestjoersakkoart mei de Provinsje hawwe de Afûk en Partoer de gemeente it oanbod dien om yn oparbeidzjen mei it fjild te ûndersykjen wer't kânsen en knipepunten lizze by meartaligens yn it ûnderwiis. De útkomsten fan it projekt kinne as foarbyld tsjinje foar oare gemeenten.

## 6.2 (Nije) ynwenners en folwoeksenenûnderwiis



### Nije ynwenners

Nije ynwenners fan bûten Fryslân, binne faaks de Fryske taal net machtich. Meastentiids wolle se har wol ynspanne om it te learen, sa as fia in kursus 'Fries voor niet-Friezen'. Wol men dernei fierder, dat kin dat mei de Afuk-kursussen 'Lear mar Frysk' en 'Praat mar Frysk'. De gemeente makket dat mooglik troch subsydzje te jaan oan de Afûk. Men kin ek fia 'Edu-Frysk' de taal leare.

### Frysk skriuwe

Sa as út it ûndersyk foar de Taalatlas blykt, is it persintaazje fan de Fryske befolking dat Frysk skriuwe kin beheind. Dat jildt ek foar De Fryske Marren. De Afûk biedt kursussen oan dat te learen. Ôfrûne jier ha 2 groepen frijwilligers dy 't û.o. foar doarpskrantsjes skriuwe, yn kursus 'Skriuw mar Frysk' oanbean krigen.

## 6.3 De Biblioteek

Lêsbefoarding is in kearndoel fan de bibleteek. Dat docht de biblioteek op ferskate wize, sa as meidwaan oan de Fryske boekewike, it Frysk Fertel- en Foarlêsfestival en it Tomke-projekt. De biblioteek Mar en Fean hat it besit en de útlie fan Fryske boeken foar 2013 yn kaart brocht<sup>16</sup>


Bibliotheek DFM	Bezit Volwassenen	Bezit	Bezit	Bezit	Bezit	Jeugdleden	Volwassenen
	boeken	A boeken	B boeken	C boeken	D boeken	aantal	aantal leden
Balk	381	129	44	5	1	1013	1155
Joure	437	219	49	8	3	2648	2677
Lemmer	372	91	39	5	1	1994	1418
St. Nicolaasga	117	46	0	3	0	765	581
Bibliotheek DFM	Uitl. Volwassenen	A boeken	B boeken	C boeken	D boeken		
	boeken						
Balk	1513	676	70	2	6		
Joure	1412	804	73	9	3		
Lemmer	696	423	31	1	2		
St. Nicolaasga	160	227	11	2	0		

We sjogge dat der yn de biblioteek fan Balk it faakst in Frysk boek útlind wurdt, sawol foar de jongere bern as by de folwoeksenen. Dat stroekt mei it ûndersyk nei it gebrûk fan de Fryske taal. De biblioteek hat in romme kolleksje Fryske boeken, fan streekromans, ta poëzij en literatuer, fan printeboek ta dúdlike druk boeken. Ek Fryske Dvd's, sprutsen boeken en e-boeken binne beskikber.

### Jeugd

In protte bern hâlde fan lêzen. Meastal sille dat Nederlânsktalige boeken wêze, om't dy op skoalle en thús mear foar it gripen lizze. Om bern mear Frysk lêze te litten is it nedich it oanbod oan Fryske berneboeken yn de biblioteek en yn de skoalmediateken goed tagonklik te hâlden en oantreklik te presintearren. De biblioteek set har yn gearwurking mei oare partijen yn om it Frysk by de bern te stimulearje. Sa is der in pjuttemoanne (jannewaris) wêr't Fryske printeboeken foar it fuortljocht brocht wurde, der wurdt in Frysk Fertel- en Foarlêsfestival hâlden yn juny, en troch it jier hinne wurdt oanheakke by it Tomke-projekt. Mei de Ferteljas komme meiwurkers fan de biblioteek op de pjutteboartersplakken om foar te lêzen. De jongerein fanôf 12 jier hat mear mei digitale media as mei boeken. Troch e-boeken beskikber te meitsjen en oare media yn it Frysk oan te bieden en maklik tagonklik te meitsjen, kin ek dizze doelgroep mei it Frysk berikt wurde.

<sup>16</sup> A-boeken jeugd oant 9 jier, B-boeken jeugd fan 9 tot 12, C-boeken fan 12 tot 16 en D-boeken 16 jaar en âlder



### Foardrachtwedstriid

Ek it hâlden fan in foardrachtwedstriid foar de bern fan de basisskoallen befoardert it brûken fan it Frysk. De foardrachtwedstriid is yn 2014 troch de bibliotek organisearre, yn gearwurking mei de gemeente. De finale hat west op 13 novimber yn de Riedseal.

### Folwoeksenen

Benammen de âldere ynwenners komme graach yn de bibliotek om in Frysk boek te lienen. De bibliotek is ek in plak dêr't men elkoar treffe kin foar in boek, in praatsje en in bakje kofje. Lyksa komt dizze groep ôf op de kulturele festiviteiten, sa as de Fryske literêre jûnen, dy't de bibliotek organisearret. Foar minsken mei in fisuele beheining binne der sprutsen boeken en dúdlike druk boeken. De bewenners fan de fersoargingshûzen wurde troch de biblioteken fersjoen fan in kolleksje Fryske boeken. De bibliotek hat dertroch ek yn it ramt fan de Wet Maatschappelijke Ondersteuning in wichtige funksje. Útsein de âlders mei jonge bern, komme minder folwoeksenen nei de bibliotek foar it lienen fan in Frysk boek.



## 6.4 Keunst en kultuer: we litte ús sjen

Yn ús gemeente binne tal fan ferienings en organisaasjes dy't har op ferskate plakken hearre of sjen litte. As it om toaniel- en iepenloftspulselskippen giet, brûkt men faaks it Frysk as útfieringstaal. Sa'n 11 toanielskippen út De Fryske Marren binne oanslúten by de Stifting Amateurtoaniel Fryslân (STAF). Dizze organisaasje stipet de selskippen troch in jierlikse toanielkriich te hâlden, ferienings yn kontakt te bringen mei skriuwers fan stikken, regisseurs ensfh. Ek it jongereintoaniel wurdt stimulearre. As wy sjogge nei de nocht dy't spilers en har publyk hawwe oan dizze kulturele aktiviteiten en it belang dat it hat foar it libben hâlden fan de Fryske taal, is it in goede saak hjir ek as gemeente stipe oan te jaan. Dêrta kinne ek de mooglikheden yn it ramt fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 en de 'Gebiedsagenda' fan de Provinsje ûndersocht wurde.



Foto fan Straverus, Tiid is in sirkel, iepenloftspul spiele yn 2012 yn Bantegea

Yn de twa histoaryske wurkferbannen yn ús gemeente wurdt oandacht jûn oan de lokale skiednis. Se bewarje in skat oan foto's, kranteknipsels, en oare dokuminten út it ferline wêr't soms in publikaasje út ferskynt. De Fryske taal wurdt der spitigernôch yn de publikaasjes in bytsje brûkt.

### Media

Omrop Fryslân is perfoarst it wichtichste medium wêr't it giet om it bringen fan it Frysk by de minsken thús. Dat jildt foar alle generaasjes. Der binne programma's foar pjutten, skoalbern, jongerein en de programmearring jout in grut ferskaat, sadat der foar elkenien dy't Frysk ferstiet wol in oanbod is.

Neist de reguliere kranten as de Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd, binne ek de mear lokale kranten as de Jouster Courant, de Zuid-Friesland en de Balkster Courant wichtige ynformaasje boarnen foar ús ynwenners. Útsein in ynstjoerd stik fine we mar in lyts bytsje Frysk yn de redaksjonele stikken. Dat is op de websiden fan dizze kranten net oars. Moaie útsûndering wie MarrenNijs, dy't in knop Frysk op de webside hie. Derûnder in stikmannich nijsgjirrige artikels oer it Frysk yn it deistich libben. Spitigernôch, MarrenNijs is net mear.

De lokale Omrop Spannenburg hat foar in grut part Frysktalige programma's, al wurdt der net altyd Frysk praat. Op 'e webside wurdt it nijs foaral yn it Nederlânsk brocht.

Yn De Fryske Marren binne ferskate doarpskranten, dy't troch frijwilligers makke wurde. Dizze kranten wurde benammen troch de âlderein goed lêzen. Om dêryn ek mear Fryske stikjes te krijen, is yn it ôfrûne jier in kursus 'Skriuwer mar Frysk' oanbean oan de frijwillige skriuwers fan dizze kranten. Yn it seizoen 2014 – 2015 krijt dizze kursus noch in ferfolch.

*Citaat:*

*Op de tafel staat een kop-en-pannetje*

*Nederlands: Op de tafel staat een kop-en-schotel*

*Fries: Op de tafel stiet in kop-en-pantsje*



## 6.5 Soarch en wolwezen

De soarch is in terrein dat bot yn beweging is. Dêr't de minsken altyd rekkenje koenen op it rjocht op soarch is dat no oan it omkearen, der wurdt mear sjoen nei wat minsken en har omjouwing sels kinne en wat der fanút frijwilligerswurk en basisfoarsjennings dien wurde kin, foardat der sprake is fan soarch fan de oerheid. Dizze feroaring yn belied betsjut dat kommunikaasje oer en yn de soarch hieltiid wichtiger wurdt. Taal spilet derby in grutte rol. It ûndersyk 'Hokker taal prate jo' fan de Afûk lit it folgjende sjen.

Taal is beskiedend foar it wolwêzen fan de soarchfregers. Fiel ik my thús, fielt it fertroud, bin ik op myn gemak? Dat is wichtich foar minsken. En dat gefoel hinget gear mei de taal dy't praat wurdt tusken soarchfregers en fersoargjende. De taal dy't brûkt wurdt is in wichtige faktor yn soarchsitewaasjes. Derneist is it sa dat taal de ôfstân tusken fersoargjende en soarchfregers bepaalt.

Mei de thússoarch meiwurkster praat men Frysk, mei de medysk spesjalist Nederlânsk. Dat kin in bewuste kar wêze en fanwege statusferskil. Soarchfregers en fersoargjende regelje ûnderling hokker taal as sy brûke. Meastal past de fersoargjende him/har dêrby oan, oan de taal fan de soarchfregers. In goed kontakt en in goede relaasje hingje wer gear mei de kwaliteit fan de soarch.

Aktiviteitenbegelieders yn soarchynstellingen organisearje ferskate aktiviteiten foar bewenners, sa as ûntspannings- as terapeutyske aktiviteiten. Ek by dy aktiviteiten is taal tige wichtich sa as by de minsken mei ferlies fan it ûnthâld.

Ek yn it wolwêzenswurk is it belangryk dat meiwurkers de taal sprekke fan de groepen dêr't men kontakt mei hat: it giet dan om de jongerein- en maatskiplikwurkers, en de âldereinadfiseurs. It jildt ek foar de frijwilligers dy't op dat stik fan saken wurksum binne.

De stifting Fryske Oekumenyske Tsjerketsjinsten (Stifting FOET) hâldt ien kear yn 'e moanne in Fryske oekumenyske tsjerketsjinst yn de Súdwesthoeke. Oekumene stiet dêrby foarop, mar it Frysk is, as famyljetaal, de biningsfaktor foar de tsjerkegongers fan ferskate eftergrûn.

## 6.6 Rol fan de gemeente

Troch it subydzjebelied kin de gemeente stjoere op ferwachte ynset fan organisaasjes. Yn de subydzjebetinksten kin it stimulearjen fan it Frysk in ûnderwerp wêze. Mei in beheind tal organisaasjes wolle we ôfspraken meitsje oer it Frysk. Dat binne ynstellingen dy't ferbûn binne mei de Fryske taal, sa as de Afûk, de stifting Frysktalige BerneOpfang, Bibliotheek Mar en Fean en de Jeugdsûnenssoarch (Konsultaasjeburo).

Dat betsjut net dat wy it net wichtich fine dat oare al as net troch ús subsidiearre organisaasjes it Frysk brûke en in waarm hert tadrage. Dat moat eins fanselsprekkend wêze: se binne der foar ús ynweners en as de mearderheid fan ús ynweners Frysk praat, dan mei dat fan de organisaasjes ek ferwachte wurde.<sup>17</sup>

<sup>17</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

## Oanbefellings haadstik 6. Frysk yn de mienskip

### Basis

1. De gemeente wol meartalighied stimuleare. Derom is it belangryk dat âlders goed op 'e hichte binne fan de mearwearde fan meartalichheid. Dit moat troch alle organisaasjes, dy har op jeugd rjochtsje, goed nei foaren brocht wurde. Yn it LEA wurde der ôfspraken oer makke.
2. De gemeente draacht yn it ramt fan de taaluntwikkeling fan it jonge bern, by yn de kosten fan it 'Tomke-projekt' foar pjutten en beukers. Hjir binne mearjierrige ôfspraken oer makke mei Bibleteekservice Fryslân en de Afûk. De bijdrage is € 0,055 de ynwenner. Kosten om-ende-by € 2.800,- it jier.
3. De gemeente wol tegearre mei it ûnderwiis kieze foar in goed brûkbere metoade foar it Frysk op de basisskoalle.
4. De biblioteek hat in wichtige taak by it stimulearjen fan de Fryske taal en kultuer. It goed tagonklik hâlden fan Fryske boeken en oare media foar de ferskate doelgroepen is dêrta fan grut belang, lykas gearwurking mei ûnderwiis en pjutteopfang. Troch mei te dwaan oan de Fryske Boekewike, it Fertel- en Foarlêsfestival en oare lêsbefoarderingsaktiviteiten foar it Frysk lit de bibleteek dat ek sjen. De gemeente subsidiearret de bibleteek. In part fan de subsydzje kin brûkt wurde foar it fersterkjen fan it Frysk.

### Plus

5. De gemeente wol yn gearwurking mei de organisaasjes de trochgeande learline foar it Frysk - fan it pjuttewurk/berne-opfang oan't en mei it fuortset ûnderwiis - stimulearje sadanich dat de bern it Frysk goed oanrikt krije.
6. As der by de soarch- en wolwêzensynstellings ferlet is fan in kursus Frysk foar meiwurkers dy wurksom binne foar de Wmo, dan kin der yn oparbeidzjen mei de Afûk in kursus Frysk foar organisearre wurde. Oer de ferdieling fan de kosten wurde neiere ôfspraken makke.
7. Foar bysûndere projekten fan ferieningen en doarpen, dy de Fryske taal en kultuer foar it fuotljocht bringe en útstrieling hawwe, wurdt jierliks in priis útrikt. Hjirfoar is in budzjet fan € 750,- beskikber.<sup>18</sup>
8. De gemeentlike organisaasje belûkt de Pleatselike Belangen en de skoallen by it brûkern fan it Frysk en de rol fan it frysk yn de gemeente.<sup>19</sup>

### Plus/plus

9. De gemeente makket it mooglik foar frijwilligers om in kursus skriuw mar Frysk te folgjen. Kosten rûchwei € 1.800,-
10. Nije ynwenners fan bûten Fryslân krije de mooglikheid it Frysk te learen.

**We kieze fanwege it kostenaspekt foar de plusfariant, ynklusyf de basisfariant.**

---

<sup>18</sup> Wizige n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

<sup>19</sup> Oanfulling n.o.f. de Riedsgearkomst en amindemint 1 op 23 novimber 2016

## **7. Subsydzjes foar aktiviteiten**

1. Bibleteek Service Fryslân ûntfangt jierliks in subsydzje fan € 0,055 de ynwenner foar it Tomke-projekt op de pjutteboartersplakken en de berneopfang en de ûnderbou fan it basisûnderwiis. Rûchwei € 2.800,-
2. Foar in bysûnder projekt op it mêd fan Fryske taal en kultuer wurdt jierliks in priis útrikt. Hjirfoar is in bedrach fan € 750,- beskikber
3. De Afûk kriget jierliks in maksimale subsydzje fan € 1.560,- foar it oanbieden fan twa kursussen Frysk. Derby wurdt prioriteit jûn oan meiwurkers dy't wurksum binne yn de soarch of foar de Wmo.

## **8. Planning en rapportaazjes**

It kolleezje stelt jierliks in útfieringsplan fêst op basis fan de feststelde kaders út de nota Frysk Taalbelied. Dit wurdt meinommen yn it jierplan fan de ôfdieling Samenleving. Bylâns de reguliere planning en controlsyklus wurdt oan de Rie rapportearre.

Tabel 1.

Fries in de organisatie van					
De Fryske Marren					
	Ik versta Fries	Ik spreek Fries	ik lees Fries	ik schrijf Fries	
<b>Afdeling</b>					
<b>Bedrijfsvoering</b>					
uitstekend en goed	57	40	31	10	
redelijk	3	5	11	11	
een beetje, niet	0	15	18	39	
	60				60
<b>Publiekszaken</b>					
uitstekend en goed	29	22	13	4	
redelijk	0	6	9	6	
een beetje, niet	0	1	7	19	
	29				29
<b>Ruimtelijk beheer</b>					
uitstekend en goed	45	37	21	6	
redelijk	1	4	16	12	
een beetje, niet	0	5	9	28	
	46				46
<b>Ruimtelijke ontwikkeling</b>					
uitstekend en goed	24	19	15	5	
redelijk	1	4	5	5	
een beetje, niet	1	3	6	16	
	26				26
<b>Samenleving</b>					
uitstekend en goed	27	19	10	5	
redelijk	4	1	9	6	
een beetje, niet	0	11	12	20	
	31				31
<b>Staf/directie/griffie</b>					
uitstekend en goed	4	3	1	1	
redelijk	1	0	1	0	
een beetje, niet	0	2	3	4	
	5				5
<b>VVH</b>					
uitstekend en goed	19	13	8	1	
redelijk	0	1	4	6	
een beetje, niet	0	5	7	12	
	19				19
<b>totaal</b>					<b>216</b>

## **Samenvatting van de uitkomsten van de discussie over de stellingen besproken in de bijeenkomst over het Fries Taalbeleid d.d. 11 november 2014 te Lemmer.**

Aanwezig:

Jelle Bangma, Cedin; Geert Heerschop, CBO Meilân; Bennie Ludema, tonielfer.St. Martinus, Herjan Reuten, Zuyderzee College Lemmer; Marjon Keetman, Thea Groen en Jannita Berghout, peuterspeelzalen Doomijn, Jitske Mulder, st Peuterspeelzalen Gaasterlân-Sleat, Jelle Posthumus, it Toanhûs, Yteke Hoekstra, Nije Gaast, Bert Kampherbeek, Primus; Louise Wiersma, SKIK; Hans Eisma, Omrop Spanneburg, Sytske de Boer, SFBO.

Riedsleden: Geeske Holtrop, CDA; Jochum Meester, Gerda de Vries, Jeltsje Piersma, Johannes de Vries (schaduwfractie), FNP

Wethâlder Durk Durksz, Jelle Lemstra en Ypie Kroes.

**Stelling 1:** Jong geleerd is oud gedaan: DFM moet bij het Fries prioriteit geven aan de jeugd.

Mee eens; steek in op het jonge kind. Prioriteit geven aan meertaligheid, niet aan het Fries op zich. De gemeente moet ruimte bieden aan meertalig onderwijs. Er wordt al veel aan tweetaligheid gedaan op de peuterspeelzalen. Taaltaske en aanbod in de bibliotheek in stand houden, stimuleren meertaligheid bij de ouders via het Consultatiebureau. Logopedisten voorlichten over meerwaarde van meertaligheid. Belang van doorgaande lijn van de peuteropvang tot voortgezet onderwijs, het begint bij de ouders. Primus heeft 2 meertalige scholen, sluit aan bij meertalige peuteropvang van SKIK. Als jonge kinderen Fries aangeboden krijgen, worden ouders daarin meegenomen. Ook laten zien dat we trots zijn op onze taal. De organisaties die ondersteuning bieden aan scholen en kinderopvang voor het stimuleren van meertaligheid moeten door de Provincie gefaciliteerd worden.

**Stelling 2:** Meertaligheid geeft kinderen een voorsprong op school.

Deze stelling is wat te kort om de bocht: meertaligheid werkt positief op de taalontwikkeling en het creatief denken bij het kind. Is niet alleen van belang voor de schoolcarrière, maar voor verdere leven. Is wetenschappelijk aangetoond. Maar dit is niet bij veel ouders bekend. Bij hen nog herinneringen aan slechte ervaringen op school. Vroeg beginnen met meertaligheid, tussen 4 en 7 jaar gaat de taalontwikkeling het snelst. Taal is communiceren. Meertaligheid niet verengen tot Fries en Nederlands. Meertaligheid kan ook Nederlands, Fries en Duits zijn. Het feit dat Friezen meerdere talen spreken is een mooi promotiemiddel.

**Stelling 3:** Voor een dubbeltje op de eerste rang: is met weinig budget wel taalbeleid mogelijk? Of is het "lûken oan in dea hynder"? De gemeenteraad moet echt kiezen, niet van alles een beetje, maar insteken op het jonge kind, de peuterspeelzalen en de kinderopvang en de organisaties die ondersteuning bieden. Afspraken voor meerdere jaren vastleggen. Geld is niet het belangrijkste: het gaat om een positieve grondhouding t.o.v. het Fries. Zo kun je met weinig middelen een "Fryske wyke" houden. Het gaat er ook om het Fries zichtbaar te maken en te houden. Dat kan bv. door organisaties uit te nodigen met projecten te komen en daarvoor een prijs beschikbaar te stellen (wisselbokaal?)

**Stelling 4:** Fan ûnder op: nieuwe culturele initiatieven voor het Fries komen van de dorpen en de verenigingen.

Lastig verhaal, verenigingen en dorpen hebben meestal hun eigen dingen. Aan de andere kant gebeurt er ook al veel, bv toneelverenigingen die alleen Friese stukken spelen en jeugd daarbij betrekken. Een (gemeente brede?) Fryske wyke zou goed passen. Maar dat moet wel georganiseerd en gecoördineerd worden. Taak gemeente? Cultuur is de basis, trots zijn op je taal. Sportverenigingen zijn meestal niet taalbewust. De trainer spreekt vaak Nederlands tegen de kinderen, ook al is hij zelf Fries en de kinderen ook (status). Je kunt het daar met de sportverenigingen over hebben.

**Stelling 5:** Van nieuwe inwoners mag je verwachten dat ze leren het Fries te verstaan.

Wel mogelijkheid bieden en stimuleren, maar niet afdwingbaar. Soms gaat het van zelf, m.n. als er kinderen zijn die het Fries meenemen van peuterspeelzaal of school. Actief een lichtvoetige cursus aan niet-Friezen aanbieden. Spreken we de nieuwe inwoners er op aan? Zijn we zelf niet te bescheiden en schakelen we niet al te snel over naar het Nederlands in een gesprek met niet-Fries taligen.